

Taljochting taalprofilen en foarbyld groeimodel

Taalplan Frysk-2030 foar it fuortset ûnderwiis

Foar it fuortset ûnderwiis betsjut de Taalplan Frysk-2030 ambysje konkreet:

Alle skoallen (dy't ûnder de WVO falle en yn it Fryske taalgebiet fêstige binne) biede uterlik yn 2030 it folsleine oanbod keardoelen foar it Frysk op foldwaande nivo oan yn alle klassen fan de ûnderbou en op alle skoallen wurdt de mooglikheid bean om it Frysk as eineksamenfak te kiezen

It seit himsels dat in fakdosint Frysk dêrby in minimale eask is.

De keardoelen foar it Frysk¹

Dielnimmer yn in twatalige kultuer

1. De learling leart de betsjutting fan de twatalige Fryske kultuer foar it deistich libben te ûnderkennen en leart dy te ferlykjen mei situaasjes yn it oare part fan Nederlân en dêrbûten.
2. De learling leart oan 'e hân fan foarbylden de spesifike skaaimerken fan de Fryske kultuer te begripen en dy yn ferbân te bringen mei de histoaryske eftergrûnen dêrfan.
3. De learling leart oan 'e hân fan foarbylden it belang fan Fryske kultueruterings te ûnderkennen (teksten, muzyk, toaniel, film, TV en radio) en de betsjutting dy't hy/sy dêroan hechtet ûnder wurden te bringen.

Foar learlingen mei Frysk as twadde taal

- 4a. De learling leart om fia foar him/har sinfolle konteksten in Fryske wurdskat op te bouwen troch ûnderskate strategyen ta te passen.
- 5a. De learling leart ynformaasje út skriftlike en digitale Frysktalige boarnen op te sykjen en te oarderjen op basis fan fragen oer ûnderwerpen yn syn/har eigen belangstellingssfeer.
- 6a. De learling leart in ynformeel petear yn it Frysk te fieren mei jongerein fan deselde âldens oer ûnderwerpen út syn/har deistich libben.

Foar learlingen mei Frysk as memmetaal

- 4b. De learling leart him/har mûnling en skriftlik begryplik út te drukken en him/har te hâlden oan taalkonvinsjes dy't foar it Frysk jilde (stavering, grammatikaal kreative sinnen, wurdgebrûk).
- 5b. De learling leart it belang fan it kommunisearjen neffens gongbere taalregels fan it Frysk yn formele situaasjes (wurkoerlis, planning, diskusje) te ûntdekken.
- 6b. De learling leart Fryske ferhalen, gedichten en ynformative teksten te kiezen en te lêzen, dy't temjitte komme oan syn/har belangstelling en syn/har belibbingswrâld útwreidzje.

De taalprofilen

Profyl A:

- foldwaande oanbod fan keardoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.

Profyl B:

- foldwaande oanbod fan keardoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a.
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 4b, 5b, 6b.

Profyl C1

- foldwaande oanbod fan keardoelen 1, 2, 3, 6a
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 4a, 5a, 4b, 5b, 6b.

Profyl C2

¹ Lykas foar alle leargebieten wurde ek de keardoelen foar it Frysk op 'en nij besjoen. It duorret sa wurdt ferwachte inkelde jierren foardat dat klear is en de fernijde keardoelen yn it kurrikulum ymplementearre wurde. Dan sille de profilen ek oanpast wurde. De foarderings kinne jo op www.kurrikulum.fr! folgje.

- foldwaande oanbod fan keardoelen 1, 2, 3
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.

Profyl D

- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b.
- Dit profyl kin allinne oan skoallen bûten it Fryske taalgebiet takend wurde (yn de gemeente Weststellingwerf of op de Waadeilannen).

Groeimodel

It stribjen is dat skoalokaasjes nei elke fêststellingssyklus op syn minst ien taalprofyl omheech gien binne.

Trochgroeï yn profilen

- Skoalokaasje mei profyl A by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - *Fantastysk!* Dy skoalokaasje hat al in foldwaande oanbod. Fansels kin it ferbrede (oant de hiele ûnderbou en as eksamenfak, as dat noch net it gefal is), ferdjippe of oantrekliker makke wurde. Ek dêrfoar kin gebrûk makke wurde fan stipe troch de begeliedende ynstânsjes.
 - Skoalokaasje mei profyl B by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
Al goed op wei! De skoalokaasje makket in plan om yn de perioade 2020-2024 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan de keardoelen 4b, 5b, 6b.
 - As dat noch net it gefal is, dan nimt de skoalokaasje ek it oanbieden fan Frysk yn de hiele ûnderbou en as eksamenfak yn it plan op.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2024-2025 is it oanbod yn alle keardoelen op foldwaande nivo en kin profyl A takend wurde.
- Skoalokaasje mei profyl C1 of C2 by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - *Wurk oan de winkel!* De skoalokaasje makket in plan om yn de perioade 2020-2024 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan de keardoelen 4a, 5a, 6a. Fansels kinne ek de keardoelen 4b, 5b, 6b (rjochting profyl A) alfêst meinommen wurde.
 - As dat noch net it gefal is, dan nimt de skoalokaasje ek it oanbieden fan Frysk yn de hiele ûnderbou en as eksamenfak yn it plan op.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2024-2025 is it oanbod yn de keardoelen 1, 2, 3, 4a, 5a, 6a foldwaande en kin profyl B takend wurde.
 - De skoalokaasje makket in plan om yn de perioade 2025-2028 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan de keardoelen 4b, 5b, 6b.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2028-2029 is it oanbod yn alle keardoelen fan foldwaande nivo en kin profyl A takend wurde.
- Skoalokaasje mei profyl D by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - Mei dy skoalokaasjes wurde aparte ôfspraken makke oer it omtinken dat de skoalokaasje oan de Fryske taal en kultuer jout.

Foarbyld

Nei it ynfoljen fan de online fragelist en de besite fan de ûndersiker fan de NHL Stenden Hogeschool docht bliken dat de skoalokaasje op profyl C2 útkomt. Dat betsjut dat de oanbelangjende skoalokaasje gjin of in ûnfoldwaande oanbod yn de keardoelen 4a, 5a, 6a, 4b, 5b, 6b hat. De skoalokaasje stelt, advisearjend holpen troch de ûndersiker fan de NHL Stenden Hogeschool, in plan op om yn de kommende fjouwer jier de keardoelen 4a, 5a, 6a oan te bieden. Ferwachte wurdt dat dat ekstra stikje oanbod yn fjouwer jier foldwaande realisearre wurdt, mooglik mei stipe troch begeliedende ynstânsjes, wêrtroch't de skoalokaasje by de earstkommende fêststelling nei de simmerfakânsje fan 2024 in profyl B takend krije kin. Fansels kin de skoalokaasje ek daliks nei in profyl A tawurkje, troch dêrneist it oanbod yn de keardoelen 4b, 5b en 6b op oarder te bringen.

By in fêststeld profyl B yn 2024 wurdt it plan troch de skoalle fierder ûntwikkele en rjochtet it him no op it foldwaande oanbieden fan it keardoel skriuwe. Ferwachte wurdt dat dat ekstra stikje oanbod yn fjouwer jier foldwaande realisearre wurdt, mooglik mei stipe troch begeliedende ynstânsjes, wêrtroch't de skoalle by de kommende fêststelling nei de simmerfakânsje fan 2028 in profyl A takend krije kin.